

Provinsjale Steaten fan de provinsje Fryslân  
Postbus 20120  
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 25 septimber 2018  
Verzonden, **26 SEP. 2018**

Us merkteken : 01570806  
Ófd/Opjefte : Sichtberens  
Opsteld troch : D. Klooster / (06) 29 25 273 of d.klooster@fryslan.frl  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) : Ynsicht: septimberrapportaaazje

ûnderwerp : Memoarje fan taljochting LF2018/ septimberrapportaaazje

Achte Steateleden,

Fan it begjin fan it Kulturele Haadstêdjier ôf hâlde de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert gegevens by oer de effekten fan Ljouwert-Fryslân 2018 (LF2018). Dat bart mei it programma Monitoring en Evaluatie. Dêryn rapportearje wy oer saken as besikersoantallen, de wurdearring fan besikers en it omtinken fan de media foar LF2018. Op grûn fan de meast resinte ynformaasje nimme wy jimme mei yn de ôfrûne moannen, sa as tasein is yn it PS-stik "Aginda 2028" (01542895).

It grutste part fan ús Kulturele Haadstêdjier 2018 sit der al wer op. Mei noch in pear moanne te gean, dêr't noch fan alles yn te belibjen is, sjogge wy werom op in bysûndere perioade. Fan de offisjele iepening yn jannewaris ôf stie de provinsje op syn kop. Foarstellings wiene yn in omsjoch útferkocht, besikersoantallen fan musea skeaten omheech en bûtenlânske toeristen binne ûnderwilens in fertroud strjitbyld yn Ljouwert en de provinsje. Friezen kinne yn harren eigen provinsje genietsje fan eveneminten yn alderlei soarten en maten.


Foar in soad minsken wie it wykein mei de Reuzen fan Royal de Luxe fan't simmer in reuseftich hichtepunt. Ljouwert streamde fol mei minsken dy't dat unike barren fan tichteby meimeitsje woene. Mei in ôfgryslík soad frijwilligers dy't derfoar soargen dat de reuzen harren paad troch de stêd fûnen. It wie it wykein dat wy tsjûge wiene fan de topprestaasje fan Maarten van der Weijden. In hichtepunt dat jo net as ûnderdiel fan LF2018 werom sjen sille yn dit rapport, mar dat wis wol it neamen wurdich is. Fryslân stie him by en moedige him massaal oan fan begjin oant de ein. De Mienskip op syn bêst.


Dizze rapportaaazje jout in tuskentiids byld fan in tal fan de hichtepunten fan lêste moannen, op grûn fan de beskikbere kwantitative gegevens oant septimber 2018. Troch it jier hinne

monitoarje wy, yn 'e mande mei de gemeente Ljouwert, de effekten fan LF2018. Nei ôfsluten fan it kulturele programma yn desimber 2018 ynformearje wy jimme oer de definitive sifers en komme wy mei in mear kwalitative evaluaasje.

Wy rekkenje derop dat wy jimme op it stuit sa genôch ynformearre hawwe.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

  
drs. A.A.M. Brok, foarsitter

  
R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris